

## Jierrekken 2019

### Algemien

De jierrekken 2019 fan de Ried fan de Fryske Beweging (tenei RFFB) jout ynsjoch yn de finân-sjele sitewaasje. It binne net allinnich sifers, mar der is ek op ûnderdielen neiere taljochting.

### Eksploitaasje

Yn de neikommende tabel stiet in oersicht fan de eksploitaasje 2019. Dêrby is in fergelyking makke tusken de begutting en de werklike eksploitaasje.

Omskriuwing	begutting 2019			werklik 2019			Omskriuwing	begutting 2019		werklik 2019	
	dir.kosten	yndir. koste	kosten	dir.kosten	yndir. kosten	kosten		baten	baten	baten	baten
Ynternasjonale kontakten	3.000	611	3.611	3.220	737	3.957	rinte & dividind	8.000		9.624	
Fedde Schurerlêzing	1.500	306	1.806	3.335	763	4.099	stipe & jeften	8.000		7.889	
Kontakt mei efterban)	1.000	204	1.204	4.236	970	5.206	Ynkomsten 'de Nije'	2.000		5.731	
It Nijs	17.000	3.463	20.463	18.330	4.195	22.525	Ynkomsten 'it Nijs'	2.000		3.000	
							ferskaat			0	
<b>sub-totaal 'oppenearje'</b>	<b>22.500</b>	<b>4.584</b>	<b>27.084</b>	<b>29.121</b>	<b>6.665</b>	<b>35.787</b>	<b>sub-totaal eigen baten fan de Ried</b>	<b>20.000</b>		<b>26.243</b>	
							Subsydzje Provinsje Fryslân	19.184		19.490	
Reklamepriis	3.000	611	3.611	1.791	410	2.201	Oare subsydzjes en ynkomsten	15.000		2.816	
<b>sub-totaal 'op en paad'</b>	<b>3.000</b>	<b>611</b>	<b>3.611</b>	<b>1.791</b>	<b>410</b>	<b>2.201</b>	<b>sub-totaal subsydzjes</b>	<b>34.184</b>		<b>22.306</b>	
bestjoer & belied	6.000	1.222	7.222	3.670	-3.670	0	Bestimde reserve projekten	0		10.202	
Oare kosten	2.500	509	3.009	8.000	-8.000	0	Ynkomsten bûsboekje	15.000		15.415	
<b>sub-totaal Ried</b>	<b>8.500</b>	<b>1.731</b>	<b>10.231</b>	<b>11.670</b>	<b>-11.670</b>	<b>0</b>	<b>sub-totaal 'bestimde reserves'</b>	<b>15.000</b>		<b>25.617</b>	
Tiidskrift 'De Nije'	20.000	4.074	24.074	20.073	4.594	24.668	<b>Tekoart ( betelle út eigen fermogen)</b>	<b>10.816</b>		<b>6.579</b>	
Frysk bûsboekje	15.000	0	15.000	18.090	0	18.090					
Kommisjes	0	0	0	0	0	0					
<b>sub-totaal 'útjeftes'</b>	<b>35.000</b>	<b>4.074</b>	<b>39.074</b>	<b>38.163</b>	<b>4.594</b>	<b>42.758</b>					
<b>Totale kosten</b>	<b>69.000</b>	<b>11.000</b>	<b>80.000</b>	<b>80.745</b>	<b>0</b>	<b>80.745</b>	<b>Totaal fan alle soarten baten</b>	<b>80.000</b>		<b>80.745</b>	

### Taljochting op de eksploitaasje 2019

De eksploitaasje 2019 fan RFFB slút mei in negatyf saldo fan € 6.579. Dat wie earder begrutte op € 10.816.

#### Kosten

De totale kosten foar 2019 wiene begrutte op € 80.000. Dat komt likernôch oerien mei de werklike eksploitaasjekosten. Dat wurdt berikt mei dat der stjoerd wurdt op de realisaasje fan de gruttere aktiviteiten, lykas itNijs.frl, De Nije en de Fedde Schurerlêzing.

De yndirekte kosten binne de kosten dy't de Ried ek hawwe soe at wy de hjirfoar neamde aktiviteiten net dwaan soene. Dat binne kosten foar bygelyks hûsfêsting en gearkomsten fan it bestjoer, mar ek de bestjoersadviseur en de administratyf meiwurker. Deze kosten wurde tarekkene oan de direkte aktiviteiten. Dêrom steane se as negatyf ûnder it kopke yndirekte kosten. Yn de begutting binne de kosten foar bestjoer & belied en de oare kosten net as yndirekte kosten opnaam, wylst dit feitlik wol yndirekte kosten binne.

De kosten foar de Fedde Schurerlêzing binne folle heger as begrutte. It tema Natuer & Ekonomy wie in publykslûker. Wy krigen sa'n soad flecht op de koai dat wy útwike moasten nei in hotel. Dêrtroch wiene de akkomodaasjekosten heger.

ItNijs.frl hat mear koste as begrutte. Dat komt benammen troch de ekstra ynset op jongerein. Dêr stiet by de baten tsjinoer, dat wy stipe krigen hawwe fan fûnsen.

### Baten

De baten binnen leger as de kosten. Hjirtroch is de in tekoart op de eksploitaasje. Om kosten en baten yn it oersjuch yn te hâlden stiet it tekoart as in posityf bedrach fermeld. De baten wiene begrutte op € 69.184. (€ 80.000 minus tekoart fan € 10.816) Uteinliks wiene dy baten € 74.166 hinne. (€ 80.745 minus tekoart fan € 6.579) It ferskil sit der benammen yn dat by de begrutting gjin rekken hâlden wie mei de bestimde reserves en de ynkkomsten fan de Nije. Bestemde reserves dy't opbrûkt wurde, moatte yn de eksploitaasje fansels al as baten opnaam

## Balans op 31 desimber 2019

(bedragen yn €)

Aktiva	1-1-2019 31-12-2019		Passiva	1-1-2019 31-12-2019	
<i>Rinnende bankrekkens</i>			<i>Fermogen</i>		
RABO 132260158	7.468	672	eigen fermogen fan de Ried		
RABO - Frysk bûsboekje	11.701	9.413	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	668.265	653.713
ING 1123454	26.581	19.335	Risseltaat JKF	-10.981	46.946
<b>totaal rinnende bankrekkens</b>	<b>45.751</b>	<b>29.420</b>	nije bestimde reserve fan de Ried	0	-145.125
<i>Sparrekkens</i>			oandiel eksploitaasjerisseltaat	-3.571	-6.579
RABO13368559869 doelreserveren	881	881	Jisk Koopmans Fûns (JKF)	653.713	548.955
<b>totaal sparrekkens</b>	<b>881</b>	<b>881</b>	frije algemiene reserve fan de Ried	0	145.125
<i>Depositorekkens</i>			oandiel eksploitaasjerisseltaat	0	0
RABO 1097621146	50.000	50.000	frije algemiene reserve fan de Ried	0	145.125
ASN Deposito NL43ASN8800093558	100.000	100.000	<b>totaal algemiene reserve fan de Ried</b>	<b>653.713</b>	<b>694.080</b>
TRIODOS bank 2205324438	100.000	100.000	<i>bestimde reserve Frysk bûsboekje</i>	11.685	9.413
<b>totaal depositorekkens</b>	<b>250.000</b>	<b>250.000</b>	<i>bestimde reserve reklamepriis</i>	2.964	763
<i>Belizzingen</i>			<i>bestimde reserve Frysk tiidskrift</i>	8.001	0
RABO 0328094994 belizzersrekken	5.818	5.799	<b>eigen fermogen fan de Ried</b>	<b>676.363</b>	<b>704.256</b>
Effekten	371.865	416.157	<i>Skulden</i>		
<b>totaal belizzings</b>	<b>377.683</b>	<b>421.955</b>	BTW Frysk bûsboekje	402	0
<i>Foarderingen</i>			<b>sub-totaal fan de skulden</b>	<b>402</b>	<b>0</b>
Fakturen Frysk bûsboekje	386	0			
Liening Fryslân Fûns	2.000	2.000			
<b>totaal foarderingen</b>	<b>2.386</b>	<b>2.000</b>			
<i>Oerrinnende aktiva</i>					
noch te ûntfangen rinte	0	0			
noch te ûntfangen btw "De Nije"	64				
noch te ûntfangen stipe	0	0			
foarútbetelle kosten	0	0			
<b>totaal oerrinnende aktiva</b>	<b>64</b>	<b>0</b>			
<b>Totaal fan de aktiva</b>	<b>676.765</b>	<b>704.256</b>	<b>Totaal fan de passiva</b>	<b>676.765</b>	<b>704.256</b>

wurde.

Datum: 16 septimber 2020

status: goedkart troch kaskommisje

## Taljochting op de balâns op 31 desimber 2019

De balânsposysje is yn 2019 heger wurden. It balânstotaal stie op 1 jannewaris 2019 op € 676.765 en op 31 desimber 2019 wie dat € 704.256. It balânstotaal naam sa mei € 27.491 ta. Dat komt benammen troch in posityf belizzingsrisseltaat.

Waard yn 2017 it negative eksploitaasjesaldo noch mear as kompinsearre troch it belizzingsrisseltaat. Yn 2018 hiene wy sawol in negatief eksploitaasjesaldo as in tebekrinnen fan de wearde fan de effekten. Yn 2019 wiene de beurzen gunstich en dat hat it weardeferlies fan 2018 wer goedmakke.

### *Effekten*

De wearde fan de effekten is yn 2019 ferhege fan € 371.865 nei € 416.157. Dit hat foaral te krijen mei de koersstigings nei in min belizzingsjier 2018. Der stiet ek in bedrach op de belizzersrekken. De belizzersrekken kin net los sjoen wurde fan de effekten. De stikken binne yn behear by de Rabobank. It ôfsprutsen profyl is 'defensyf' en 'duorsum'.

### *Eigen fermogen fan de Ried: it Jisk Koopmansfûns (JKF)*

It Jisk Koopmans Fûns is de rêchbonke fan it fermogen fan RFFB. It datearret fan 2009. It startkapitaal wie € 640.090. Yn 2018 is it JKF ôfnaam fan € 653.713 nei € 548.458. Dat liket in foarse delgong, mar dat wurdt hjirnei útlein.

Inkele eleminten binne fan belang:

- Yn in aparte rigel 'Risseltaat JKF' wurde fluktuaasjes yn de koersen fan de effekteportefeuille ferwurke; troch dy hjir te ferrekkenjen fersmoargje se de eksploitaasje net. It positive koersrisseltaat yn 2019 is fêststeld op € 46.946.
- De rigel 'Oandiel eksploitaasjerisseltaat' jout oan hoefolle fan it feitlike eksploitaasjerisseltaat fan 2019 (-/- € 6.579) fia it JKF ferrekkene wurde moat.
- Yn 2020 falle alle deposito's frij. It bestjoer hat besletten om dêr gjin nije deposito's foar werom komme te litten. De rinte is fierstente leech. In part fan de frijfallen deposito's sil ynbrocht wurde yn de effekteportefúlje. It oare part komt op de frije sparrekens fan de Ried en is bedoeld as reserve op de rinnende eksploitaasje.
- Troch it oerheveljen fan in part fan it fûns nei de frije algemiene reserve kin it JFK de kommende tsien jier ynset wurde om oan in basisfermogen te bouwen foar de perioade hjirnei. Yn prinsipe wurde tekoarten de kommende jierren finansiere troch de Ried sels, op basis fan wat de ôfrûne jierren opbouwd is.

### *Eigen fermogen fan de Ried: frije algemiene reserve fan de Ried*

- Lykas hjirfoar beskreaun sil in part fan de deposito's oerhevele wurde nei de frije reserve. Konkreet is dan de frije reserve te keppeljen oan it jild dat op de rinnende bankrekens fan de Ried stiet, útsein al oare bestimde reserves.
- Dat giet dan dus om it folgjende: Rabo (€ 672) + ING (€ 19.335) + Sparrekken (€ 881). Dat is meiinoar € 20.888. Dêr giet noch € 763 (bestimde reserve FRP) ôf. Dat is dan in bedrach fan € 20.125. Dêr komt noch by: € 100.000 foar de eksploitaasje de kommende jierren en € 25.000 foar de lustrum-aktiviteiten. Dat makket € 145.125.

*Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve reklamepriis*

- Yn 2019 binne der twa Reklameprizen útrikt: ien foar de radio en ien foar tillevyzje. Fia de bestimde reserve wie dêr jild foar oan 'e kant setten. Dêrtroch stiet der foar 2020 in noch de reserve fan € 763. De oare kosten komme yn 2020 út de eksploitaasje.

*Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve de Nije*

- Yn 2018 is dan einliks it Frysk Tiidskrift útkommen. Fia de bestimde reserve ist dêr jild foar oan 'e kant setten; € 10.000. Dy reserve is opbrûkt. De oare útjeftes fan de Nije binnen finansiere út advertinsje ynkomsten en de eksploitaasje fan de Ried.

*Eigen fermogen fan de Ried: bestimde reserve Frysk bûsboekje<sup>1</sup>*

- Dizze bestimde reserve fungearret as earmerke buffer foar de eksploitaasje fan it Frysk bûsboekje. De reserve foar it bûsboekje is op 31 desimber 2019 noch € 9.413.

*Skulden: noch te beteljen kosten*

De Ried besiket de ferplichtingen op it ein fan it kalinderjier sa goed mooglik yn byld te krijen. Dêrmei wurdt it noch te beteljen bedrach sa leech mooglik hâlden. Dat hat fan gefolgen dat de stân op 31-12-2019 útkommen is op € 0.

*Foarderingen: Liening oan Fryslân Fûns*

It Fryslân Fûns hat in rinteleaze liening krigen fan de Ried. Dy is noch net werom betelle.

---

<sup>1</sup> Yn de jierrekken fan RFFB wiene altyd de sifers fan it Frysk bûsboekje op alle oanbelangjende rigels yn balâns en eksploitaasje ferwurke neffens it finânsjeel boekjier fan it bûsboekje dat rint fan 1 july – 30 juny. Dit hâldt ferbân mei de ôfwikking fan de bûsboekjeferkeap. Fan de jierrekken 2018 ôf wurdt ek útgien fan in boekjier 1 jannewaris – 31 desimber, om't dan de balans better te keppeljen is oan de bankrekkens.